

[0138]

WURDSNEUPERIJEN

17. *Aed*.

Ien fan 'e eartiids tige gongbere buorkerijwurden, dêr't wy mei oan sitte, as wy it komôf neigean wolle, is *aed*, de Fryske namme foar it Hollânske ‚melkmouw' ²⁾. It like wol, oft dit wurd yn gjin inkelde oare Germaenske sprake bistien hat, hwant al it gesneup wie yn earsten omdôch. De gearstallers fan 'e taheakke op it Greatnederlânsk wurdboek wisten der ek al gjin wei mei, doe't se it yn Hollânske stikken oerlevere *aatje* ³⁾ “efterein (fan in net)” forklearje moasten. Hja bringe dat mei rjocht en reden yn forbân mei it Fryske *aed*, mar de útliz fan dat lêste litte se ús nei riede.

Yn syn *Lexicon Frisicum* ⁴⁾ hat Dr. Joast Halbertsma syn tinzen ek oer dit nijs-gjirrige wurd gean litten. Hy wol it forbine mei it Yslânske *ada* ‘conchae species majoris’ (in soarte fan greate núnder), dat ik yn 'e hjoeddeiske âldnoarske wurdboeken sà net fine kinnen haw. ⁵⁾ Bûtendat is fuortendaliks net oan

2) W. Dijkstra e.o., *Friesch woordenboek I*, 1900, s. 7.

3) *Woordenboek der Nederlandse taal, supplement I*, 3de afl., 1943, kol. 286.

4) J. Halbertsma, *Lexicon frisicum*, A-Feer, 1872, spj. 7.

5) Bidoeld sil wêze: *ada* „moksel” (*mytilus modiolus*) [Sj. R. Cleasby-G. Vigfusson, *An Icelandic-English Dict.*, 1874, s. 3; S. Blöndal, *Islandsk-Dansk Ordbog*, 1920-'24, s. 6].

to nimmen, dat ús *aed* en in jit yn it Yslânsk biwarre *aða* meiinoar gearhingje. Ommers, as wy de âldere foarmen fan *aed* byinoarsykje, dan docht it bliken, dat dit út *aerd* ûntstien wêze moat. Forskate fynplakken út earder ieuwen wize soks dúdlikernôch út, forlykje alderearst it Snitser Recesboek nû. 4653 fan 28 maart 1508, dêr't it subst. fiifkear yn brûkt wurdt:

1. ende aeck scold <er> hem twae off trya hondert *aerden* lyuwria.
2. ende offt ghysbert ende heyn dae *aerden* naet tyena, als hya dat barra heden, soe scold dirck hyaram dat Jeld Jaen toe pinxster.
- 3, 4. Hier op andert sywrđ, seit, hoe dattet hondert *aerden* waes, set op xj florenen off deer omtrent, Jndam dat ghysbert ende heyn dae *arden* behaeghe;
5. ende behagede hyaram dae *aerden* naet, soe scold dirck hyaram dat Jeld deer voer Jaen.

Dat *aed* op *aerd* tobekgiet, kin ek noch mei help fan oare boarnen wiermakke wurde. Sa hat Dr. O. Postma, dy't yn ús lânboarskiednis trochkrûpt is, mear as ienris it meartal *aerden* en út Gaesterlânske boelbiskriuwingslisten ek it iental *arde* optekene (sj. De Pompebldden XXVI, 1955, s. 15). De lêste stavering lit ús sjen, dat yn 'e hjoeddeiske foarm net allinne de *r* stom wurden is, mar ek in *e* oan 'e ein ôffallen wêze moat. Us tongslaggen bifêstigje dy útkomste, hwant foar it Hylpersk, dat - lykas men wit - in bulte âldfryske lûden en foarmen biwarre hat, jowt Van der Kooy *aa_ede* op mei it neikommende foarbyld yn sinsforbân: "De boer dweit de mòlken ien de *aa_ede*"¹⁾.

Foar de sawntjinde-ieuske tael hawwe wy in tige moai biwiisplak ta ús foldwaen yn 'e *Friesche Boereprognosticatie* fan Dr. Petrus Baardt. As dy de foarbeakens fan reinwetter opneamt, seit er yn r. 97-100:

Off as de Duwkers lijts en græt /
Her halsen stecke uwtte Slæt
Tins den fry dattit reyne wol /
By Tobb' / en *Aerd* en Amer fol"²⁾

It is dus klear en bleat, dat ús wurd yn 'e lêste fjouwerhûndert jier in ûntjowing *arde* > *aerde* > *aerd* > *aed* meimakke hat. It ûndersiik nei de fierdere wurdskiednis moast wol stomp rinne, salang't gjinien der op sinde, dat by *arde* oan it bigjin in *n* weifallen is. Pref. M.J. van der Meer komt de eare fan dy ûntdekking ta. Syn wichtige fynst leit lykwols bidobbe yn in lyts boekje, dat mar in inkeldenien ûnder 'e eagen krije sil. Dat sadwaende is it net ûntsjustich en bring dit ris foar de trie. Yn de lêzing, dy't de doe yn Dútsklân wenjende heechlearaer foar de Fakânsje-leargong 1929 to Ljouwert oer *Fryske ôfliedkinde mei foarbylden*³⁾ hâlden hat, fortelt er, dat er alhiel by tafal fan in slachtersfeint oan 'e doar it wurd *āde* hearde. Doe't de taellearde der op ynfrege, waard er gewaer, dat it yn dy foarm in Nassausk dialektwurd wie. Yn dy tongslach sizze de lju likegoed *nāde* as *āde*, wylst de Frankfurters dêrfoaroer *narde* of *arde* brûke. Tige ta ús binijing komme yn dy geaspraken

1) T. van der Kooy, De taal van Hindeloopen, 1937, s. 41.

2) Sj. A. Feitsma, Frysk út de 17de ieu, Estrik XV, 1956, s. 49.

3) M.J. van der Meer, Fryske ôfliedkinde mei foarbylden, 1929, s. 15 e.f.

foarmen mei en sûnder *n* foar. Bûtendat hat it Nassausk, krekt-allyk as it Frysk, de *r* falle litten en de *a* rutsen. Hwat it weiwurden fan it bigjinlûd oanbilanget, kinne wy wize op gefallen lykas Frysk *aek*, Holl. *aak* < *naecke* (Kiliaen), âldsaks. *nako*, ags. *naca*; *erf* < *nerf* „glâns fan lear, kij ensfh.“; *agoasje* < *negoasje* „hannel“ en fierders op nnl. *adder* < mnl. *nadre*, Dútsk *Natter* „njirre“; nnl. *arreslee* < *narreslee* „belslide“; nnl. *aveelzaad* < *naveelzaad* „raepsied“ [*naveel* (Kiliaen) = lat. *napus* „raep“]; nnl. *avegaar* < *navegaar* [ek nijing. *auger* < ags. *nafo-gâr*] „nôgerboar“; nnl. *okkernoot* < *nokernoot* „greate nût, wâlnût“ [*noker* = mlat. *nucarius* „nutebeam“]. De nasael oan it bigjin fan dy wurden is yn 'e útspraak mei de *n* fan it foarôfgeande ûnbiskate lidwurd gearraend en dan fan 'e haednamme skaet.

Nou't wy ienris de tried to pakken hawwe, hoege wy dy mar ôf to wuoljen. It wurd *narde* libbet net allinne yn Nassau, mar ek yn oare Dútske kontreijen, sa't my bliken die, doe't ik in stikmannich geaspraek-wurdboeken trochsneupte. Foar de Elsas wurdt it allyksa opjown as *narde* „Behälter, in welchem auf dem Fischmarkte die Fische feil gehalten werden, flacher Fischzuber, Fischtrog, Fischmulde ¹⁾, m.o.w. in „platte fiskbak“. It *Rheinisches Wörterbuch*, dat ûnder *narte* ek de Rynfrankyske njonkenfoarmen *nät* en *ärt* opnimt, omskriuwt de bitsjutting mei „hölzerner langer Teller, auf dem der Metzger den Kunden das Fleisch bringt“ ²⁾, hwat mei ús „flêskaedtsje“ = „flêskbakje“ oerienkomt.

Yn it Middelheechdútsk bistiene al deselde foarmen *narte*, *narde* ³⁾, dy't de Dútske tongslaggen hjoeddedei noch kenne. Geane wy nei, hoe't midsieuske taelbiskriuwers it subst. yn it Latyn oerset hawwe, dan sjogge wy, dat se as wjergea *alveus* „bak, bekken“, *linter* „trôch“ of *capisterium* „nôtsou“(?) brûkten ⁴⁾. Ien oanhael út in mhd. boarne kin it wol mei ta, leau'k: „sie wæren des halt niht wert, daʒ sie den *narten* solten an grîfen, dar ûʒ die swîn eʒʒent“. Fan de gearstallingen mei dit wurd mei allinne *visch-narte* „fiskbodde, fiskkear“ hjir plak fine.

Oer it Middelheechdútsk bilânje wy by it Aldheechdútsk, dêr't *narto* ⁵⁾ fouwerkear yn glossen biwarre bleaun is: twaris as oersetting fan Lat. *pelvis* „bekken, skûtel“, ienris as werjefte fan Lat. *concha* „mokselskulp“ en ienris ta fordútsing fan *crateolas* (pl.) „frisselwurk, huorde“. Dit *narto* wie in swak bûgd manlik wurd, dat út Germaensk **narda-* fuortkommen wêze moat.

Binne wy ienkear sa fier, dan is it saek en slaen it yndogerm. etymologyske wurdboek fan J. Pokorny op, as wy witte wolle, oft der mûlk jit oare bisibbe wurden yn of bûten it Germaensk bistean. Spitigernôch mist âhd. *narto* yn 'e lêste printinge fan it niisneamde standertwurk, mar it jowt neffens my grif eigenskip, dit mei de wurdstamme **(s)ner-* „draeije, wine, gearfrisselje“ ⁶⁾ yn forbân to bringen. Lykas Pref. v. d. Meer yn syn lêzing al opmurk, moat

1) E. Martin u. H. Lienhart, Wörterbuch der elsässischen Mundarten I, 1899, S. 781.

2) J. Müller, Rheinisches Wörterbuch, Bd. VI, Lief. 1, 1941, Spalte 85.

3) W. Müller u. Fr. Zarncke, Mittelhochd. Wb. II 863, S. 316; M. Lexer, Mittelhochd. Handwörterbuch II, 1876, Sp. 36; III, 1878, Sp. 372.

4) J. u. W. Grimm, Deutsches Wörterbuch, Bd. VII, 1889, Sp. 392.

5) E. Steinmeyer-E. Sievers, Die althochdeutschen Glossen I (1878), S. 383, 20; II (1882), S. 15, 3; 733, 19; 776, 3.

6) J. Pokorny, Indogermanisches etymologisches Wörterbuch, 11. Lieferung, 1957, S. 975.

de oarspronklike bitsjutting fan **narda-* "eat dat flochten is", dus "in kuorke", west ha. Sûnder de forweechlike *s* oan it begjin kinne Russysk *nerët, neretó:* "fûke" en Littauske *narys* "strûp" forlike wurde, wylst mei dy *s* útwreide de Fryske wurden *snoer* en *snaer* fan deselde ydg. stamme ôflaet binne. Al is de rispinge bûten it Germaensk net botte great, dochs stiet de útstelde ôflieding net yn 'e kiif.

Yn 'e oanrin fan dit artikel kaem ek efkes it Hollânske *aatje* to praet, dat neffens de foarm folslein gelyk is oan it Fryske *aedtsje*, it forlytsingswurd fan *aed*. De 16de-ieske fynplakken fan dit Nederlânske wurd docht bliken oan, dat *aatje* it „efterein fan in wûnderkûle" wie, forlykje: „Dat die *aetkens* ofte steerten van hare somer-Netten voortaan niet engher van maessen gemaect en sullen worden ... dan ensfh. (út de *Handvesten van Amsterdam*, 21b [1559]). It *Groot Placaatboek ... der Stad Utrecht* 2, 431a jowt noch dit foarbyld fan it gebrûk, allyksa út 1559: „Dat alle den geenen, die hen generen met waterschepen te visschen, geene *aatkens* of kuylen aan het eynde van haare netten sullen mogen gebruyken, enger van maasen zynde dan van ensfh." It is wol opmerklik, dat yn it Hollânske *aatje* "kûle (fan in net)" en it Aldheechdútske *nartin* „crateolas" (frisselwurk) noch eat fan 'e âldste bitsjutting "it flochtene" trochskimert, wylst it Fryske *aed* en de oare Dútske foarmen bineamingen foar „platte bak, bekken, skûtel" wurden binne. Ek it Skylger *aasje* is in "bakje (foar fiskwân)".

Fetsje wy de útkomsten fan oarmans en eigen ûndersiik hjir gear, dan smyt dat it neikommende artikeltsje foar in takomstich Frysk etymologysk wurdboek op:

Aed, haedn. (de & it) "ûndjippe bak foar it birjemjen fan 'e molke", Hylpersk *aa_cde* (Van der Kooy 41), is ûntstien út *aerd* (P. Baardt [1640 A]), dat wer op *arde* (Snitser Recesboek [1508]) tobekgiet. Lykas yn Frysk *æk, erf, agoasje* en de Holl. wurden *adder, arreslee, aveelzaad, avegaar* en *okkernoot* is by *arde* oan it begjin in *n* ôffallen. Aldfrysk **narde*, âlder **narda*, komt oerien mei mhd. *narde, narte* "trôch, bak", âhd. *narto* „frisselwurk, huorde; bekken, skûtel" en heart by de ydg. stamme **(s)ner-* "draeije, wine, gearfrisselje". Dat sadwaende hat de âldste bitsjutting "it flochtene, in kuorke" west. Neist bisibbe binne Russysk *nerët, neretó* „fûke"; Littauske *narys* "strûp". Mei de forweechlike *s* oan it begjin binne *snaer* en *snoer* fan deselde grounfoarm ôflaet. It sûnt de 16de ieu oerlevere Frysk-Holl. forlytsingswurd *aetken* (hjoeddeis *aatje*) „efterein fan in wûnderkûle" en âhd. *nartin* „crateolas" steane tichtst by de oarspronklike bitsjutting.

W.J. Buma.